

**Taspraak by de presintaasje fan it earste eksimplaar fan "Een kuier door het oude Lemmer"
yn de bibleteek op De Lemmer op woansdeitejûn 20 novimber 2019**

Troch Gerben D. Wijnja

Ofrûne wykein waard bekend wat it moaiste liet fan Nederlân is. It ferwûndere my net dat Het Dorp fan Wim Zonneveld ta it kroanjuwiel fan de Nederlânske lieten ferkeazen waard.

Alhiel terjochte wat my oanbelanget, want dit liet rekket
de siel,
it hert
en de emoasje fan in djip gefoel.
It benaderet de folsleinens fan ús woartels dy't ús ferbine mei ús ferline.

Sa is it ek mei "Een kuier door het oude Lemmer".
It doarp dat by mannichien yn it hert ferankere is, mei oantinkens út
earder tiden dy't wier net altyd sûnder wryt en slyt wiene.

De fiskerij joech De Lemmer in protte drokte en dat soarge wer foar in
bult ambachtlike bedriuwkes en fabriken.
De see brocht net allinne fisk mar ek bôle op 'e planken. Mar sa't it
sprekwurd al seit:
de moaiste bôlen lizze foar't finster.
Mei oare wurden: it wie net altyd like moai. Der wie faak striid, fertriet en
earmoede.
En wat is it wol bard dat de fertsjinsten bedarren yn it laad fan
kroechbazen dy't yn harren etablisseminten romte joechen om de soargen
eefkes te ferjitten.
Logysk dat dêr ferset tsjin kaam.
Bern moasten boppedat faak meihelpe om it wurk yn de fiskferwurking
dien te krijen.
Mar foaral ek om wat ekstra's te fertsjinjen omdat de earmoede huvere
achter de doarren fan wrakke wenten yn achterôf-stegen en gloppen dêr't
de ûnmacht foar master opsloech.
Kjeld krûpte út 'e grûn fan de wenten by de muorren op, snie wiske ûnder
de pannen op en besoarge de bern dy't op 'e solder slipten moarns in
laachje snie op 'e tekkens, at se dy tenminste hiene, want yn dat
earmoedige ferline waarden âlde kleden en seilen ek wol brûkt om ûnder
te sliepen.

Mar der kamen ek mûzen en net te ferjitten rotten binnendoar en dat joech in protte oerlêst.

Nettsjinsteande dizze nearzige omstannichheden ûntwrakselen de Lemsters harren oan dy tiid fan soarch.

Se songen der op los en harren lieten galmen troch de buorren en oer de see.

Gjin wûnder dat der in machtich Lemster mannenkoar út ûntstien is, in Lemster Shantykoar en de froulje dogge ek wakker mei as it Lemster wivenkoar.

Prate of skriuwe oer De Lemmer fan eartiids docht de swietrook fan fiskferwurking, it tanen fan netten en seilen, it seagjen fan hout en it swarte, kleverige pik op `e helling wer nei boppen kommen. Lêze en blêderje yn "Een kuier door het oude Lemmer" docht faak in berop op dy gefoelens fan werkenning.

Doe't ik oardel jier lyn Roelie ris polske oer myn plan om in boek oer it ferline fan De Lemmer te fersoargjen wie har reaksje: "Nee, dat kin ik net."

Mar ik liet it fjoerke wat sudderje en wist fan har kwaliteiten dy't op de site fan Spanvis provinsjaal grutte wurdearring hat.

Sy fertsjinne in boek en dan net samar in boekje. It soe eins in grut boek wurde moatte, fol mei bydragen fan de Lemsters. Mei elkoar sa'n monumint foarmje, oantinkens ophelje, foto's út albums en doazen foar't ljocht bringe. It kollektyf geheugen fan De Lemmer fêstlizze yn in bibel fan in boek dêr't de grutskens fan de bewenners yn trochklinkt.

Foaral ek de Lemsters soenen sa'n boek fertsjinje.

Want der is mar ien De Lemmer, doarp oan de âlde Sudersee. De ferbyntenis mei dat wetter is hjir o sa grut.

Mar der is ek mar ien "eintsje fan `e daam" en mar ien âld slûs, mar ien plak dêr't it djipste Lemster gefoel fan mannen as filmer Pieter Verhoeff en skriuwer Fedde Schurer oer it hiele lân har ynfloed jilde litte soe.

Der is mar ien Lemster toer en mar ien Lemmerboat, de legendaryske Jan Nieveen, dy't steatlik, mei folle staasje de omslach fan it boek sier jout,

tegearre mei de Lemster toer op `e achtergrûn en de fiskersnetten fan in botter derfoar.

Alles yn ien eachopslach.

Foaral dy nachtboat fan Amsterdam op `e Lemmer wie in begryp, it

flaggeskip fan de NV Groningen Lemmer Stoombootmaatschappij dy't yn de oarloch noch sa'n wichtige rol spile hat yn it ferset tsjin de fijân.

Roelie krige betinktiid.

It wie in hiele opjefte, in net op te bringen ynfestearing.

Nee, it koe net, it plan wie te moai foar wurden mar neffens har net te realisearjen.

Doe't ik har dúdlik makke dat der stipe kaam fan in útjouwer en ik de soarch foar it meitsjen fan dat boek fergees op my nimme soe, skeat de kûgel troch de tsjerke.

Dêrby komt dat se rekkenje koe op Hendrik Bootsma dy't op 'e Lemmer de kontakten ûnderhold en him de fuotten ûnder it gat weirûn om dit moaie plan slagje te litten.

Roelie skreau stikken oer de strjitten fan it âlde sintrum,
Hendrik die yn it doarp ûndersyk,
befrege minsken,
soarge foar promoasje
en scande âlde foto's.

Der kaam help fan alle kanten: prachtige ferhalen levere dat op, oanfoljende ynformaasje oer de aansichtkaarten, âlde bylden fan eartiids.

En op Facebook bleau it moaie fotomateriaal mar binnenkommen en fleure Hendrik de stream oan foto's op mei Lemster muzyk. Wa ken net Joets, Gerard Wiersma fan De Jouwer, mei syn akkordeon at it Lemster merke wie, mei it skûtsjesilen. Sels bewarje ik oan him noflikke oantinkens om't hy de brulloft fan ús heit en mem en ús troufeest opfleure op in wize sa't mar ien dat koe.

Hawar, it rûn as it spoar.

At wy alles in plakje jaan moasten, waard it wol tûzen siden dik of wy moasten foto's sa grut as postsegels opnimme.

"Mar dat wolle Lemsters net," sei Roelie, "dy wolle grutte platen sjen." Undertusken waard it boek wol dikker en dikker.

Der moasten keuzes makke wurde.

Ik moast mar ris eefkes mei de útjouwer oerlizze, want wy hiene wol in grou boek fan sa'n 350 siden foar eagen, mar wy sieten der op it lêst wol mear as 60 siden oerhinne en it wie hast twa kilo swier.

Mar Thomas fan útjouwerij THAF op 'e Jouwer joech grien ljocht.
Der hoegde net mear yn knipt te wurden.
Teksten mochten sa stean bliuwe en foto's ek.
Ik koe heve.

De parse kwaam der al gau op ôf:
Omrop Fryslân feroarge in sfearympresje,
de kranten wiene nijsgjirrich makke
en skreaune fol wurdearring oer Roelie en Hendrik
harren passy foar De Lemmer
en it boek dêr't sy sa fol fjoer oan wurken.

Der wie harren stipe tasein,
bedriuwen wurken mei,
der waard fertrouwen skonken
en dat joech safolle motifaasje dat wy der mei elkoar foar giene.

De ûnderfining fan wat minsken derfan fûnen spile net swak by.
Mei de dei groeide it besef dat der wat moais bloeide.

Mar der wie geduld foar nedich.
It wachtsjen duorre lang, mar dat is altyd sa.
Roelie en Hendrik waarden kear op kear oanhouden mei de fraach hoefier
it wie mei it boek.
En de earlikheid gebiedt my te sizzen dat ik der op it lêst ek wol nei
útseach.

Bêste minsken,

no is it dan safier dat it earste boek oerhandige wurde kin.

Ik jou dêrfoar it wurd oan
Thomas Groeneveld,
de útjouwer fan THAF,
dy't ús sa wakker bystien hat om dit grutte plan wier meitsje te kinnen.